

[1644] Franziska Böhmer, Jarich Hoekstra, Claas Riecken & Wendy Vanselow, *Die nordfriesische Literatur. En Uuning fuar di Taachten*. Bräist/Bredstedt (2023), Nordfriisk Instituut, 269 pp. ISBN 978-3-88007-443-9.

Lang om let is it der, it boek dêr't nei útsjoen is: in suver folslein oersjoch fan de literatuer skreaun yn de Noard-Fryske tongslaggen. It is in hânboek mei oan de iene kant de hiel kreas oardere ynformaasje dêr't ûndersikers fan en nei de Noard-Fryske literatuer har winst mei dwaan kinne en oan de oare kant útstapkes dy't neier ynsjoch jouwe yn tal fan nijsgjirrige oan de Noard-Fryske literatuer besibbe tema's en ûnderwerpen, lykas oersettingen en poppekastspyljen.

Mear as yn Westerlauwersk Fryslân lizze de ûnderskate Fryske tongslaggen yn Noard-Fryslân útinoar. Fuort yn it begjin fan *Die nordfriesische Literatur* kriget de lêzer dêrom in oersjoch fan de ferskillende dialekten, kreas werjûn op in ynkleure geografysk kaart fan Noard-Fryslân (s. 18).

Wylst it yn it Nederlânske Fryslân gjin eigenskip hawwe soe om de Fryske literatuer yn bygelyks Klaaifryske, Wâldfryske en Súdwesthoekske literatuer yn te Us Wurk 73 (2024), s. 96-99; <https://doi.org/10.21827/uw.73.96-99>

dielen, is de yndieling fan de Noard-Fryske literatuer neffens de ûnderskate dialekten fanwegen de gruttere taalkundige ferskillen wol wizânsje. Dochs is it sa dat, om't it meastentiids giet om mar in hantsjefol teksten, oan de iene kant de literatuer skreaun yn de Noard-Fryske fêstelânsdialekten byinoarnommen wurdt en oan de oare kant de literatuer skreaun yn de dialekten fan de eilannen yn ien en itselde haadstik (of paragraaf dêrfan) besprutsen wurdt.

Fan de Noard-Fryske fêstelânsdialekten, it Wiedingharder, it Bökingsharder, it Karrharder, it Nordergoesharder, it Mittelgoesharder en it Südergoesharder Frysk, binne troch it ferstjerren fan de lêste sprekkers fan it Südergoesharder (yn 1981) en it Mittelgoesharder (yn 2006) dy lêste twa tongslaggen no útstoarn. Geografysk leit Hilgelân fierder fan de oare Noard-Fryske eilannen ôf, mar ek taalkundich is de distânsje tusken it Noard-Frysk fan Hilgelân en dat fan de dialekten fan de oare Noard-Fryske eilannen grutter. Om dy reden wurdt de Hilgelanner literatuer troch de skriuwers út en troch ek apart neamd, neist it wurk skreaun yn de oare Noard-Fryske eilanner dialekten fan Sylt, Föhr en Amrum.

Net fan alle Noard-Fryske tongslaggen is literatuer oerlevere. Sa binne der fan it yn de achttjinde iuw útstoarne Eiderstedter Frysk eins gjin teksten bewarre bleaun. Yn de ynliding fan it boek wurdt ek dúdlik oanjûn dat it by de Noard-Fryske literatuer net giet om in 'vollständig ausgebaute Literatur wie z. B. die deutsche oder auch die westfriesische', mar om in letterkunde dy't 'diskontinuierlich und bruchstückhaft' is (s. 19).

It hat grif hiel wat holbrekken koste om struktuer oan te bringen yn it op it aljemint bringen en besprekken fan al dy brokstikken. Oer it generaal is dat goed slagge yn de tolve haadstikken dy't dit boek telt. Wol is it sa, dat bygelyks troch de strikte yndieling fan de literatuer, skreaun tusken 1900-1945, yn proaza, toaniel en poëzij, in auteur as Jens Emil Mungard (1885-1940) yn alle trije ûnderskate haadstikken dêroer weromkomt (paragrafen 7.3.1, 8.2.3, 9.1.1 en 9.4) en de lêzer faaks leaver hân hie dat it hiele oeuvre fan dy skriuwer as gehiel en as mei-inoar yn ferbân steande sjenres behannele wiene.

Men kin fan tinken wol ha dat al dy tige útinoarlizzende dialekten it yn boekfoarm publisearjen fan literêre uteringen hast ûnmooglik meitsje moatten ha, ek al om't der yn Noard-Fryslân foar de eilannen en de ûnderskate 'harden' eins gjin kultureel mulpunt bestie en it Dútsk de taal fan it skrift wie. It mei dan ek wol in wûnder hjitte dat der neffens de tiid fan publikaasje fan oare West-Europeeske minderheidsliteratuerútjeften dochs al frij ier, yn 1809, fan Jap Peter Hansen (1767-1855) de komeedzje *Di Gidtshalts, of di Söl'ring Pid'ersdei* (De nepert, of de Sylter Pipersdei) ferskine koe. Grif moat Jap Peter Hansen, dy't as seeman mei in ferskaat oan kultueren yn oanrekking kaam, him bewust west ha fan it bysûndere en de isolearre posysje fan syn taal en sil er mei dêrtroch oanstriid hân ha om it Sylterfrysk foar syn literêr wurk foar kar te nimmen, krekt as dat er dat ek die foar *Di lekkelk Stjüürman* (De lokkige stjoerman), de yn 1833 ferskynde proazafer-telling fan sa'n fyftich siden dy't wol sjoen wurdt as de iennige Noard-Fryske roman.

Langere stikken proaza, lit stean romans, binne der eins net yn it Noard-Frysk. Faaks hat it lytse tal Noard-Fryske literêre teksten by de skriuwers fan *Die nordfriesische Literatur* de oerwaging west om yn it boek ek net-publisearre Noard-Fryske teksten te belûken yn harren skôgings. Soks hat fansels foar dat de lêzer en brûker fan it boek no wit wat der allegearre is, mar it hat dit tsjin dat dy net-publisearre teksten fansels gjin diel útmakken fan it literêre bedriuw as gehiel en grif gjin ynfloed hân hawwe op oare skriuwers of it lêzerspublyk.

Opfallend is dat yn Noard-Fryslân frijwat ûnderwizers, dûmnys en taallearden har talein ha op it skriuwen fan literêre teksten. Om't de taal har sa kostber is, setten se har ta skriuwen, sa liket it. Net om't se har yn it foarste plak as skriuwers en/of dichters sjogge. Enke Christiansen, Erk Roeloffs en Thomas Steensen hawwe dêr yndertiid it stik 'Zum Sozialprofil nordfriesischer Sprachpflegerinnen und Sprachpfleger' oer skreaun (*Nordfriesisches Jahrbuch* 34 [1998], s. 157-164). Fansels is dat ferskynsel yn Westerlauwersk Fryslân ek net ûnbekend. In fraach dy't dat opropt is yn hoefier't soks in skaaimerik is fan lytsere literatueren en oft soks fuort fan ynfloed is op de tematyk fan sokke literatueren. Foar wat it Westerlauwersk- en it Noard-Frysk oanbelanget, soe it oanbefelling fertsjinje om mei dy fragen oan de slach te gean.

In oar ferskynsel dat grif net beheind is ta Noard-Fryslân, mar ek yn oare regio's mei minderheidstalen observearre wurde kin, is dat de skriuwers fan dy literatueren faak de kost fertsjinje moatte/moasten op in oar plak as har eigen bertegrûn. By de ûnderskate skriuwers en dichters dy't yn *Die nordfriesische Literatur* behannele wurde, komme dy biografyske details wol op it aljemint en wurdt altemets de ynfloed dêrfan ek wol oanjûn, mar krekt om't it op de Noard-Fryske literatuer as gehiel ek in grut stimpel set hat en ynhâldlik fan ynfloed is, hie in bredere oanpak dêrfan wolkom west.

De kontekst dêr't de skriuwers yn wurken en de ynfloed fan bygelyks grutte Dútske skriuwers en Dútsk-literêre streamingen wurde meastentiids dúdlik en koart en klear oanjûn, sa't yn in oersjoch as ditte ek ferwachte wurde mei. Likegoed makket it boek ek nijsgjirrich nei de ferhâldingen mei oarstalige skriuwers út de direkte omjouwing. Men kriget út boeken as *Schriftsteller in Schleswig-Holstein – heute* (Christian Diederich Hahn en Christian Jenssen [red.], Husum, 1980) en *Lebendige Literatur in Schleswig-Holstein* (Gerhard Eckert en Friedrich Müller [red.], Husum, 1987) de yndruk dat yn de lêste desennia fan de foarige iuw der mar kwealik kontakt wie tusken de Noard-Frysktalige en de Dútsktalige skriuwers yn Schleswig-Holstein, mar dat as men in website as <https://literaturland-sh.de/> rieplachtet, dy kontakten der no wol binne. Ek al figurearje dêr hast gjin ferstoarne Noard-Frysktalige skriuwers op, dochs komt men dêr wol bekende produktive hjoeddeiske skriuwers tsjin as Ellin Nickelsen en Antje Tadsen. Neist dat men oer dy ferhâlding tusken de Noard-Frysktalige en oarstalige skriuwers yn Noard-Fryslân wol wat mear witte wolle soe, jildt dat ek foar de ynterfryske ferbiningen tusken de skriuwers. Sa't út bygelyks de list mei oersettingen út it Noard-Frysk yn it Westerlauwersk Frysk yn Klaes Dykstra syn dissertaasje *Oersettingen yn it Frysk*

## US WURK LXXIII (2024), p. 99

(Drachten, 1962, s. 274-275) wol bliken docht, hawwe frijwat Westerlauwersk-Fryske skriuwers wurk út it Noard-Frysk oerset. Oarsom komt men bygelyks wol tsjin dat Herrlich Janssen (1906-1963) it toanielstikje *De hongeroproef* (1952) fan Barend van der Veen (1890-1968) oerset hat, mar oer de kontakten tusken de Westerlauwersk-Fryske en de Noard-Fryske skriuwers wurdt men eins net folle gewaar.

Op hiel wat fjilden kin dus neier ûndersyk ferrjochte wurde. Dochs is *Die nord-friesische Literatur* in 'Fundgrube' foar elk dy't him of har mei de Noard-Fryske literatuer dwaande hâlde wol. It boek jout in skat oan ynformaasje oer de Noard-Frysktalige útjeften en hânskriften, likegoed as oer de skriuwers dêrfan. De 33 siden tellende bibliografy oan de ein fan it boek jout de lêzer de mooglikheid ta gâns ferdjipping. Boppedat meitsje de 'Exkursen' oan de ein fan alle haadstikken it boek hiel lêsber. De foto's en sitaten soargje der ek fierder mei foar dat it boek net topswier wurdt mei de feitlike ynformaasje dy't it jout.

It is prachtich om te sjen dat it letterkundich ûndersyk yn Noard-Fryslân bloeit en dat wittenskippers dy't dit boek skreaun hawwe, Franziska Böhmer, Jarich Hoekstra, Claas Riecken en Wendy Vanselow, yn mienskiplik oparbeidzjen ta dit resultaat kommen binne. Sa't it liket is dêr yn de frisistyk yn Dútslân jild en tiid foar. It soe te hoopjen wêze dat lang om let de bestudearring fan de Fryske letterkunde ek wer yn Nederlân har gerak kriget.

*Jelle Krol*

*Jelle.Krol@tresoar.nl*